

KAMPIOENSLJEPPEN YN WINSUM

Jan Wijnia, Wurdum, waerd kampioen mei in sprong fan 12,26 meter

G. Valkena, De Jouwer, kampioen by juniores mei 11,84 en H. Penninga, Sint Anne, by de famkes mei 8,93 meter

Yn Winsum hat it sneon wer Sint Japiksdei west; in trije tûzen minsken hawwe sjoen, hoe't mear as hûndert ljeppers en ljeppers fan gouverneur oant greidboer, fan Dreesman oant skoaljonge, yn of oer it swarte wetter fan de Sint Japik saelden en hoe't út dy hûndert trije as kampioen nei foaren ljepten: Jan Wijnia fan Wurdum, G. Valkena fan De Jouwer en Hiske Penninga út Sint Anne. Jan Wijnia waerd lykas forline jier kening mei in Hercules-sprong fan 12,26 meter, de fierste sprong, dy't der ea by it keningsljeppen yn Winsum makke is. Hy woun de keningsmedalje, dy't prins Bernhard biskikber

Der wie hiel hwat dien oan de organisaasje fan dizze ljeppolympiade. Der wie in legertsje mannen mei greate rozetten op boarst yn aksje: karmasters, mjitters, skriuwers, feilichheidsoffisieren. Der wiene „springskânsen“ boud, dêr't maten op leine. Der leine dweilen om de polsen mei ôf to droegjen, kryt om de hannen stroef mei to meitsjen, heakken om de polsen mei op it plak to hâlden nei it setten fan de jinte. Der wiene bie-zems, buordtsjes, harken en mjitlatten. Radio, film en televisy makken, dat de hiele naesje en ek Ingelân mei dit Frysk amfibysk sportbarren meilibje koene. De hear Sj. Span, foarsitter fan it Frysk Ljeppers Boun, hâldde oan it bigjin in wiidweidich technyske forhanneling oer it ljeppen, dêr't hy lykwols de wichtichste ljeppershanneling yn forgeat: it yn

de hannen flybkjen. Gjin ljepper, dy't net yn 'e hannen flybket. Boargemaster mr. L. G. Boelens fan Baerderadiel spriek in wurd fan wolkom. Dat wie foar de Hollânske gasten nei de forhanneling fan Span noch it iennichst forsteanbere wurd, dat hja dizze hiele ljeppersmiddei út de mikrofoan kommen hearden.

It ljeppen bigoun op trije banen tagelyk yn de ûnderskate klassen. Hwa't der krekt ljepten en hoefier 't hja krekt ljepten waerd foar it publyk út kommintaer en alderhande buordtsjes krekt sa heider as it wetter fan de Sint Japik. It roun en ljepte en plûmpte allegearre trochinoar, sadat gjin minske der rjocht each mear op hâlde koe. Faeks kin men dat in oar jier hwat oars regelje en kin ek in foarseleksje fan ljeppers helpe om it gehiel hwat oersichtliker to meitsjen.

steld hie. G. Valkena waerd kampioen by de juniores mei in sprong fan 11,84 en Hiske Penninga waerd mei 8,93 kampioene by de famkes.

It folk siet yn twa tribunes en op it lân tsjin de springbarten oer. Yn de iene tribune sieten hwat se yn Amearika de „vips“ neame, de „very important people“. Dêr sieten ûnder oaren de Kommissaris fan de Keninginne, mr. H. P. Linthorst Homan, trije Deputearren en forskate boargemasters. Dit ljeppersfeest wie ek in moetsjen fan Fryske aesisikers en Amsterdamske IJ-kikers; der wie in delegaasje út Amsterdam fan de fortening „De Amsterdamske Haven“, faeks omdat Amsterdam lykas Winsum ek in haven hat en dêr it Blauwhoedeneem stiet lykas it pakhús fan Klaes Koning yn Winsum. De Amsterdammers hawwe sneontomiddei hiel hwat mear nocht en wille bilibbe oan de havenkant fan Winsum as hja de lêste fierren oan de IJ-kant hawn hawwe en hja hawwe sjoen, dat men makliker oer de Sint Japik komt as ûnder it IJ troch.



De Kommissaris fan de Keninginne, mr. H. P. Linthorst Homan, hong inkelde sekonden oan in wiffe pols tusken wiet en droech, mar kaem feardich en feilich op de wâl toldanne.